

Technieken kopiëren

Op de schansen in Burgum begint vanavond het fierljeppseizoen. Als de verwachtingen en voorspellingen uitkomen dan staan we aan de vooravond van een spannend en wederom spectaculair fierljeppjaar. Natuurlijk vanwege de vorig jaar ingevoerde carbonpolsstok, waardoor er in de eerste klasse maar liefst 97 persoonlijke records sneuvelden, maar vooral ook omdat Hannes Scherjon zich in de topklasse meldt. Hij wordt gezien als de grote bedreiging voor alleenheerser Bart Helmholt.

Door Edwin Fischer

Dat het seizoen 2007 in de topklasse spannend wordt, staat volgens Hannes Scherjon buiten kijf. Maar waar vele anderen dat vooral ophangen aan de bij de senioren debuterende Noardburgumer, ziet hij dat zelf toch anders. „It leit him net allinnich oan myn komst yn de topklasse. Ik tink dat Anne en Ysbrand Galama en Henk Schievink in stik tichter by Bart (Helmholt, red.) kaam binne. Dy jonges sille it Bart in stik muoilikker meitsje, is myn ferwachting.”

De 21-jarige ljepper baseert die voorspelling vooral op het feit dat Helmholt vorig jaar het best voorbereid was op de overstap van het aloude aluminium naar de op het laatste moment ingevoerde carbonpolsstok. „Dit jier hat eltsenien him tarêden mei de carbon en hoege se net mear om te skeakljen. De Galama's ha al 19 meters as pr te stean en ik ha Henk trainen sjoen. Hy sit lekker yn syn fel, foaral omdat net ien him neamt as in favoryt. En dat hat Henk it leafst, hy is graach de 'underdog'. Dan prestearet er it best.”

Of het bewust is of niet, Scherjon neemt voor zichzelf in elk geval de druk wat weg. Druk die hij zegt ook niet te voelen: „Natuierlik wol ik in wedstriid winne as ik op de skânsen stean, mar ik spring om in technysk goeie sprong te meitsjen. Dat moat eltse kear sa goed mooglik slagje en pas dan sjoch ik nei de ôfstân. Al wit ik dat as in sprong kloppet, dy ek fier is.”

Het is de bijna klinische wijze waarop de bijna afgestudeerde Cios-student, vorig jaar als junior de ijzersterke winnaar van de Sulveren Pols op het Fries kampioenschap, zijn sport benadert. Of misschien beter gezegd, hij is wellicht de meest professionele fierljepper in het land.

Al jaren is Scherjon namelijk bezig om zijn techniek aan te scherpen of zelfs grondig te veranderen. Zoals bijvoorbeeld het klimmen. Deze winter is hij van het schuiven van de handen in de pols overstapt naar het steeds overpakken van de handen. Met dank aan Jaco de Groot, die hem dankzij de videobeelden van de recordsprong van 20,4 meter deed inzien dat de carbonpols met overpakken makkelijker 'stil' is te klimmen.

„Sa haw ik altyd dwaande west. Ik ha altyd nei filmkes fan oare ljeppers sjoen en ha dy analysearre. Sa ha ik fan ferskate ljeppers sis mar de goeie technieken kopiearre”, om vervolgens zijn 'jatwerk' uit te splitsen. „De loop ha ik by de jonges al fan Aarth de With kopiearre. Hoe't hy oanrinnen kaam, dat kloppet gewoan, dan hellest it measte rendemint út de enerzjy dysto deryn stoppest. Mei de ynsprong ha ik nei Theo van Kooten sjoen. Dy ha ik dus pas in pear jier ferlyn echt oanpakt. Foar dy tiid wie ik folle mear mei de útsprong dwaande.”

Het klimmen pakte Scherjon zo gezegd pas deze winter aan. „It klimmen ha ik dus fan Jaco oernommen. Mar dat hat dus ek mei de carbon te meitsjen. Ik woe ek witte wat syn geheim wie, want hy klimt hiel krêftich en snel. Doe hat er mei ferteld dat hy in dûbele klimpeal thús hat te stean. Dan kinst dus echt safolle slaggen meitsje ast yn in pols dwaan moast om boppe yn te kommen. Ik ha fuort ek sa'n hege klimpeal makke en train no in protte op it oerpakken. Al moat noch bliken dwaan dat it foar my ek better útpakt, want ik ha noch net op ôfstannen traint, dus ik wit it rendemint net.”

Het beste onderdeel van Hannes Scherjon is altijd zijn uitsprong geweest. Waar velen hem vergelijken met Gerhard Vlieger, is het toch meer de uitsprong van Aart de With die hij probeert uit te voeren. „De útsprong fan Aart is gewoan de bêste dy't der is. Dy is technysk sa goed, dat kin eins net better. Mar ik kin him noch altyd net hielendal neidwaan. Aart hie syn linkerhân boppe op 'e pols te lizzen en ik set noch hieltiid mei rjochts ôf.”

„Dat binne de lytse details wêr't ik oan wurkje. In sprong is ek noait perfekt, want der is altyd wol wat te ferbetterjen. Ik train in soad allinnich en dan bist ek twongen om in hiel protte nei te tinken oer wat ast goed en fout dochst. En ik nim hiel faak mysels op video op. In sprong meitsje en dan fuort yn 'slow motion' werom sjen. Dan bist twongen om dyn eigen fouten te sjen en dan kinst ek fuort besykje om dy der út te heljen.”

Die manier van trainen en zichzelf verbeteren heeft hem

**Hannes Scherjon:
'It fierljeppen kinst
sels noch útfine'**

gemaakt tot een van de beste fierljeppers. Ondanks dat fanatisme ergert Hannes Scherjon zich niet aan het grote niveauverschil in een eerste klasse-wedstrijd. „It moaie fan it ljeppen is, neist prestearre, ek it sosjale barren. It is in bepaald sfearke wêr't ik my hiel bot thúsfiel. Al is it wol sa dat wy op dizze wize mei de sport hingjen bliuwe yn it folkloristyske.”

Dat komt vooral omdat er in een eerste klassenwedstrijd nog veel ljeppers springen die feitelijk puur op recreatief niveau bezig zijn. Niets ten nadele van die sporters, maar wil het fierljeppen echt de pretenties van topsport waar gaan maken, dan is een wedstrijdagenda met puur topspringers op de schansen volgens Scherjon onontbeerlijk.

„Ast de sport op in heger plan tille wolst, dan is it miskien in goed idee om yn juny op de âlde wize te ljeppen, in klassemint op te meitsjen en dêrnei yn july en augustus aparte wedstriiden mei toppers út alle kategoryen te hâlden. Dus bygelyks de acht bêste senioren, junioaren en de bêste fjouwer jonges en froulju. En dan fjouwer of fiif foarrondesprongen en twa finalesprongen de wedstriid.”

De voordelen van een dergelijke opzet zijn talrijk. „Der sil

mear traint wurde, want moastst dy yn juny al pleatse en dus moastst betiid yn foarm wêze. Dat betsjut ek dat it nivo omheech giet. Want wolst derby wêze, omdat it in sterke kompetysje is wêr't de bêste ljeppers springe. Ek kinst dan folle mear mei sponsoring en ek it prizejild dwaan, lykas yn it keatsen. Want ik tink datst sponsers noch better ynteressearre kinst foar in topsportwedstrijd. En troch sokke wedstriiden sil it grutte publyk it ljeppen folle mear as in folweardige sport sjen.”

Hij steekt deze maanden al zijn vrije tijd in het ljeppen: „Ik bin net oars went. Ik wie al fanatyk doe't ik begûn. Dan struiden wy spoannen út de klompemakkerij fan ús heit efter de sleat en dan sprongen wy dêr oerhinne. Ja, ik bin ek likefaak yn de brânettels te lâne kaam hear, mar dat hearde derby. Dat is ek it moaie fan it ljeppen. Kinst de sport noch ûntwikkelje. Natuerlik ha ik in protte oan de oanwizings fan ús heit en benammen ek fan âld-ljepper Bjinse Wolters, mar ik train in hiele protte allinnich.”

„Sjoch, by it fuotbaljen is alles al útskreaun, mar it ljeppen kinst sels noch útfine. En ik ha no foar mysels betocht dat as myn nije technieken goed geane, ik dit jier oer de 20 meter ljeppje kin. En dat is myn ienige doel foar dit jier, neist eltse wedstriid meidwaan om 'e prizen dan.”



Hannes Scherjon klimt op de training met een rugzak vol bakstenen in de pols: „Ik ha fan ferskate ljeppers de goeie technieken kopiearre.”
Foto Hoge Noorden/Jacob van Essen